

*Thimo de Nijs (2007)*  
Op zoek naar de verdwenen middenstand –  
Handleiding voor onderzoek naar de detailhandel

Hilversum: Uitgeverij Verloren

Jouke van Dijk (Rijksuniversiteit Groningen)

Tot de jaren zestig vond een groot deel van de Nederlandse bevolking een bestaan als kleine zelfstandige in de detailhandel. Toch is er weinig bekend over de negentiende- en twintigste-eeuwse middenstand. Dit vierde deel in de zogenaamde Zoekreeks begint met een overzicht van de geschiedenis van de Nederlandse middenstand in vogelvlucht. Het loopt van de tijd van de marskramer, de opkomst van de zelfstandige hardwerkende middenstander als eigen baas, de opkomst van de coöperaties, warenhuizen en winkelketens en de filiaalbedrijven tot de huidige tijd van teloorgang, waarbij voor de zelfstandige middenstander steeds minder plaats is. Vervolgens wordt een uitgebreid overzicht gegeven van de verschillende bronnen die er bestaan voor historisch onderzoek naar de middenstand. Aan de orde komen onder meer verschillende archieven, registers en volks-, beroeps- en bedrijfstellingen. Het derde hoofdstuk bevat een handleiding voor vrijetijdshistorici die onderzoek naar de middenstand willen doen. Achtereenvolgens wordt behandeld hoe men tot een onderwerpkeuze en probleemstelling komt, het verzamelen, ordenen en analyseren van informatie en de verslaglegging met bronnenverantwoording. In de bijlagen staan nog tips voor het zoeken in digitale bestanden, nuttige internetadressen en een bibliografie voor de geschiedenis van de Nederlandse middenstand. Al met al een interessant en nuttig boekje voor degenen die overwegen om een onderzoek te gaan doen naar het wel en wee van de plaatselijke middenstand in de vorige eeuw.

↑

## *Ton Crijnen* (2008) Titus Brandsma. De man achter de mythe

Nijmegen: Valkhof Pers

Piet Hemminga (Fryske Akademy)

De sjoernalist Ton Crijnen (1942), earder û.m. redakteur religy fan *Trouw* en redakteur bûtenlân fan *De Tijd*, is skriuwer fan dizze nijste biografy fan pater Titus Brandsma o. carm. Dy waard op 23 febrewaris 1881 as Anno Sjoerd Brandsma berne op Oegekleaster by Boalsert en stoar as finzene nûmer 30492 op 26 july 1942 yn it konsintraasjekamp Dachau. Pater Brandsma waard op 3 novimber 1985 troch Paus Jehannes Paulus II sillich ferklearre.

Yn fjouwer dielen, 27 haadstikken, in foar- en neiwurd, in oersjoch fan de brûkte literatuer en in boarne- en persoansregister, wurdt ferslach dien fan libben en wurk fan de karmelyt dy't yn 1923 ta heechlearaar oan de nije Nijmeeske universiteit beneamd waard. Syn learopdracht dêr wie, folle net genôch, de skiednis fan de wiisbegearte en de wiisbegearte fan de skiednis, de natuerlike godslear en de skiednis fan benammen de Nederlânske mystyk. Yn syn heechlearaarskip soe Brandsma him foaral beheine ta de skiednis fan de wiisbegearte en de mystyk. Dat koe ek slim oars sjoen it ferskaat yn en de breedte fan syn learopdracht, mar ek om't er him bûten it direkte wurk wakker drok makke. Allerhanne kommisjes, rûnten en wurk dienen in berop op Brandsma, dy't boppedat net mei in sterke lea seinge wie. Crijnen beskriuwt dat alles op in wize, dy't dúdlik makket dat pater Titus him op alle mooglike manieren foar de emansipaasje fan it Roomske folksdiel ynset hat en tagelyk dat er ek mar in minske wie. Immen dy't him net allinne tige ferbûn wist mei syn Hear en Tsjerke, mar ek mei bertegrûn en neiste famylje.

Haadstik 8 'Fries met de Friezen' docht ferslach fan Brandsma syn Frysk wjerfarren. Crijnen skriuwt û.m. dat Brandsma Frysktalige lêzings foar de mikrofoan fan de KRO holden hat. Wannear't dat wie, seit er lykwols net en yn A.F. Manning syn *Zestig jaar Kro* (1985) komt men de namme fan Titus Brandsma net tsjin. De relaasje tusken Brandsma en de KRO is likemin te finen yn it proefskrift fan G.R. Zondergeld *De Friese Beweging*

in *het tijdvak der beide Wereldoorlogen* (1978), dêr't Crijnen him foaral op basearret as it giet om Brandsma syn wurk foar de Fryske taal en kultuer. Crijnen jout fierder omtinken oan it oprjochtsjen fan it *Roomsk Frysk Boun*, it lidmaatskip fan de *Provinsjale Underwiisried*, it oprjochtsjen fan de *Fryske Akademy* en it hâlden fan de Dokkumer Bonifatius-beafearten. Crijnen skriuwt op side 140 dat Brandsma yn 1920 neamd waard as gadingmakker nei de earste learstoel Frysk yn Grins. Wa't Brandsma neamde, makket er lykwols net dúdlik, wol dat Brandsma syn provinsjaal-oerste in stokje foar in mooglike beneaming stuts. Brandsma syn kandidatuer is nij foar my. By Feitsma, Frieswijk en Zondergeld, dy't allegearre op dat mêd publisearre hawwe, komt men neat fan in Frysk professoraat foar Brandsma tsjin. En sjoen Brandsma syn oplieding is it winliken ek wol hiel ferrassend om oan in learstoel Frysk te tinken. Crijnen ferwiist op dat stik fan saken nei argyfstikken by it *Nederlands Carmelitaans Instituut*.

It tredde diel fan it boek giet oer de oarlochsjierrren en Brandsma syn yndrukwekkend optreden as riejouwer fan de Roomske parse en finzene fan de Dútske besetters. It is slim om te lêzen dat syn tsjerklike superieuren yn dy omstannichheden gjin hân foar him útstutsen. De lêste twa haadstikken geane oer it proses fan sillich ferklearjen. De paus krige dêrnei Fryske tsiis en bearenburch oanbean, sa makket it ûnderskrift by de foto op side 476 dúdlik!



*Hindrik Brouwer [bes.] (2008)*  
Peter Michael Clemens: Die vier Evangelien auf  
Sylterfriesisch

Kil/Kiel: Fach Friesische Philologie/Nordfriesische Wörterbuchstelle,  
Christian-Albrechts-Universität // Grins/Groningen:  
Frysk Ynstitút RUG/Stifting FFYRUG, Ryksuniversiteit

Beart Oosterhaven (Wjelsryp)

Besoarger Hindrik Brouwer skriuwt yn 'e 'Einleitung' ta dizze publikaasje dat der wat tragysks sit oan it bibeloersetterswurk fan Peter Michael Clemens (1804-1870). Dy 'Oberlehrer' (s. 5) en oargelist yn Sleeswyk sette yn 'e jierren 1862 oant 1870 it hiele Nije Testamint en 'e Psalmen oer yn 'e taal fan it Noard-Fryske eilân dêr't er op berne wie: Sylt. Soks yn 'e hope, dat syn wurk (mei help fan 'e stambuorren yn Westerlauwersk Fryslân) útjûn wurde soe. Ta dat doel skreau er al yn novimber 1856 in brief oan Tiede Roelofs Dykstra, de foarsitter fan it Selskip foar Fryske tael- en skriftekenisse yn Ljouwert, mei it fersyk om stipe by it útjaan fan it Evangeelje fan Lukas yn it Sylter-Frysk. Op dat brief hat Clemens nea in antwurd krigen.

Yn april 1862 – hy hat de oersetting fan it Lukas-evangeelje dan hielendal klear – skriuwt er wer in brief nei Ljouwert, dêr't er op 'en nij yn freget om 'Unterstützung der hochgeehrtern Gesellschaft für friesische Sprache und Literatur' (s. 6) oangeande it printsje litten fan syn wurk. Dat brief krijt er wòl in reaksje op, nammentlik in 'Sendung' (s. 6) boeken. Ut in brief fan Clemens fan desimber 1863 docht lykwols bliken, dat it 'Selskip' noch altyd net in posityf antwurd op syn útjeftefersyk jûn hat.

Nei syn pensjonearring yn 1868 set Clemens him wer fol fjoer oan it oersetten. Noch yn datselde jier krijt er it Evangeelje fan Mattéus klear, yn 1869 folget it Evangeelje fan Markus en dat fan Johannes en allyksa de Hannelingen fan 'e apostels. Yn 1870 set er De Psalmen en 'e restearjende boeken fan it Nije Testamint oer. Op 3 augustus 1870, krekt in wike foar syn dea, hat er de put derút.

Ta in útjefte fan Clemens syn teksten wie it dus nea kommen. De Westerlauwersk-fryske teolooch Hindrik Brouwer hat no mei it besoargjen fan 'Dit hellig Evangelje van Matthäus', 'Dit hellig Evangelje van Markus', 'Dit hellig Evangelje van Lukas' en 'Dit hellig Evangelje van Johannes' lang om let foar in part yn dy omisje foarsjoen. Yn 'e ynliding by de útjefte giet

er yn op 'e persoan en it libben fan Peter Michael Clemens, de kontakten dy't er hie, de boarnen dy't er brûkte foar syn Sylter bibeloersetting, wat oft er dêr mei foar hie en wat oft de kwaliteit fan 'e oersetting is. Neffens Brouwer is dy oersetting foar de tsjerklike praktyk fan 'e 21<sup>ste</sup> ieu net mear te brûken. Ta dat doel soed er earst 'gründlich' (s. 12) omwurke wurde moatte.

Nettsjinsteande de flaters en ûnfolsleinheden is Clemens syn oersetting neffens Brouwer in prestaasje dy't bewûndering ôftwinkt, foaral om't it ècht pionierswurk is! Dat wurk fertsjinnet it, sa seit Brouwer, om yngeand bestudearre te wurden: de útjefte 'soll wissenschaftlichen Interessen dienen.' Om dy reden 'handelt es sich hier um eine "diplomatische" Ausgabe, in der auch offensichtliche Fehler und inkorrekte Schreibweisen genau so wiedergegeben werden wie im Original' (s. 13).

Yn it belang fan foaral fierder ûndersyk nei it Sylter-Frysk kin men Brouwer allinne mar meistimme as er de hope útsprekt (s. 13), dat ek de oare troch Peter Michael Clemens yn dy taal oersette bibelboeken de kommende tiid noch ris yn it ljocht jûn wurde!



## Martin Tielke [Hrsg.] (2001, 2007) Biographisches Lexikon für Ostfriesland

Aurich: Ostfriesische Landschaftliche Verlags- und Vertriebsgesellschaft,  
deel III en deel IV

Ferenc Postma (VU Amsterdam en KGRE Budapest)

Intussen heeft het in 1989 van start gegane Oost-Friese biografische lexicon-project (BLO) twee nieuwe, kloeke vervolgdelen opgeleverd, resp. in 2001 en 2007, beide nog omvangrijker dan de twee voorafgaande delen, die in 1993 resp. 1997 verschenen. Dat laatste hangt niet alleen samen met een uitbreiding van het tijdsbestek (vanaf nu met inbegrip van de Middeleeuwen), maar ook met het opnemen van zgn. “Familienartikel”, waarin leven en werk van meerdere personen uit een en dezelfde familie voor het voetlicht wordt gebracht. Zo omvat deel III (2001) maar liefst 191, deel IV (2007) in totaal 183 artikelen. Zoals eerder al in dit tijdschrift werd opgemerkt - zie: *It Beaken*, LXIII/2 (2001), p. 131 - betreft het hier niet enkel en alleen personen die uit Oost-Friesland geboortig zijn en daar al dan niet werkzaam zijn geweest, maar ook mensen “van buiten”, die zich voor de Oost-Friese regio (bijzonder) verdienstelijk hebben gemaakt.

De artikelen zelf zijn “in einem nüchternen, klaren und verständlichen Stil” geschreven, en wel “auf dem neuesten Stand der Forschung”. Of dat laatste altijd en overal het geval is ...? Zo ontbreekt bijv. in het artikel over - de uit Emden afkomstige - Johannes Cluto (Deel III: pp. 90-93) een expliciete vermelding van de - in 1636 - door vele theologie-studenten ondertekende “Petitie”, opgesteld met het doel om Cluto - tot dan toe “cum honore et summa omnium laude” aan de Universiteit te Franeker werkzaam als privaat-docent - nu als hoogleraar in de theologie te laten benoemen. Zie voor de integrale tekst: M.H.H. Engels, *Brieven aan de curator van de Universiteit van Franeker Johannes Saeckma (1572-1636). Uitgave van de Codex Saeckma [...]*, Deel I (Leeuwarden 1995), pp. 326-329. Ook valt het o.i. te betwijfelen, of er van Cluto's *Idea s. theologiae [...]* - een bundeling van 46 oefendisputaties, verdedigd onder zijn leiding - twee achtereenvolgende uitgaven hebben bestaan, zoals hier wordt gesteld: Leeuwarden 1635-1636, resp. Franeker 1636. Zie daartoe: F. Postma & J. van Sluis, *Auditorium Academiae Franekerensis [...]* (Leeuwarden 1995), pp. 111-116. Aan laatstgenoemde “Bibliographie” worden hier trouwens ook - en wel zonder verdere bronvermelding en bepaald niet “fehlerfrei” - de titels van

de vier oefendisputaties ontleend, die Cluto eerder - nog als theologie-student - onder Johannes Maccovius te Franeker verdedigd had (zie in dezen: *Auditorium*, 28/1624.1;10;19, resp. 28/1625.3;3;10). In dit verband kan tenslotte - als nadere aanvulling - nog verwezen worden naar een - tot op heden onopgemerkt gebleven - oefendisputatie van de Steenwijkse student Hermannus Fledderus: *Decas positionum theologicarum de natura S. Scripturae*, te Franeker onder leiding van Cluto verdedigd op 9 mei 1635 (Exemplaar: Harvard University Library). Diezelfde Fledderus was in 1636 overigens een van de ondertekenaars van de bovengenoemde "Petitie". Met de verschijning van deze beide lexicon-delen komt tegelijk de voltooiing van het BLO-project concreet in zicht. Gepland staat nu nog het laatste deel: Deel V, waarin leven en werk van nog eens ongeveer 200 personen beschreven zal worden. Het valt te hopen, dat vervolgens - ter completering - nog een separaat deel zal verschijnen met al het sinds 1989 verzamelde portret-materiaal. Dat materiaal is immers te curieus en te waardevol om - voor maar beperkte tijd en in beperkte mate - enkel en alleen dienst te doen als "stofomslag", zoals dat nu bij de vier verschenen lexicon-delen het geval is, hoe stijlvol overigens ook uitgevoerd en vormgegeven.

